

## Foar in folle seal Ferhalen Fertelle

Wat in geweldige opkomst! Leafst 90 minsken kamen nei de Freonskip foar de ferhalen. Der moasten stuollen by set wurde sadat elk sitte koe. Guon genoaten noch fan de traktaasje, it stikje oranjekoeke mei 25 jier GRS. Dêrmei krige de middei, op 26-1-2024, in feestlik tintsje!

Sicco Rypma hjitte elts wolkom. Hy joech in oersicht fan de aktiviteiten, dy't de G.R.Stichting yn 25 jier op tou setten hat. Dat wiene û.o. tentoanstellingen, literêre en muzikale gearkomsten en kulturele kuiers. De ynset en fleur fan it meïïnoar dwaan en belibje stiet noch altyd sintraal.

Dêrnei kamen de fertellers oan it wurd.

As earste brocht Jaap Tiedema (Moleman) in seachblêd en kantelheak de seal yn.

Jaap wurket by de mole De Rat yn Drylst. `Hout hat in ferhaal' wie syn adagio.

In beam is duorsum en lang ûnderweis om in balke of in planke te wurden foar wat oars.

Sa hat in esk út Greonterp tsjinne foar de hoekbank yn syn keuken.

Kees Brunott, bewenner fan it Teatskehûs, stuts de loftrompet op foar it hûs en foar Blauhûs.

Njoggen jier ferlyn die er soks net. Nei in beroerte fielde er him `aan de kant gezet' om't er dêr hinne moast. Gelokkich is dat oerbettere en fielt er him der thús.

Agatha Rijpma-Huitema fertelde oer it projekt `Bocas Sanas' (sûne mûlen) yn de Dominikaanske Republiek. Se is sels mûlehygiëniste en hat der al fiif kear west mei in team frijwilligers.

Op skoallen jouwe se foarljochting foar in sûn gebit. It toskepoetsen krijt alle oandacht.

De stichting `Bocas Sanas' stribbet nei `strukturele ferbettering' fan de sûnenssoarch.

Bij Teake Rijpma wie fee ferbettering it ûnderwerp. Lykas syn heit hat er molkekontroleur west.

Hiene se thús in laboratoarium. Hy joech in tiidsbyld hoe't der doe wurke waard.

Letter krige er de kâns om ynseminator te wurden. Ferkocht er sie foar drachtige kij.

Yn sifers wist er krekt hoefolle km. er riden hat en hoefolle keallen dy kij krigen hawwe. Tûzenen!

Asse Aukes, rêstend bioboer, naam ús mei nei de klaaigrûn boppe Harns. As pionier tusken grutte bouboeren begûn er op syn wize mei setierappels. Hy ûntduts hoe wichtich it mikrolibben yn de klaaigrûn wie. Learde hieltyd mear oer de fruchtberens yn de boaiem.

`De grûn is it brein fan de plantewrâld', liet er ús witte.

Tjitte Bouhuis fertelde spontaan in âld ferhaal oer Baron fan Swinderen út Gaasterlân.

Wêrom er sa'n ûnsjoch en krom rinnende frou hie, waarden we mei in laits gewaar.

Dêrnei brochten Ilse en heit Richard Bloemsma harren fytsen foar it fuotljocht.

Beide binne besmet mei in sûn fytsfirus. `Wrâldkampioen' wol ik wurde, sei Ilse as jong famke.

Begûn mei in racefyts, rûntsjes om Blauhûs, in mini Alvestêdetocht en no rydt se by de Wielerferieniging yn Snits. Heit is dêr trener.

Trije kear yn 'e wike treent se foar fjildfytswedstriden, ek bûten Fryslân.

Gauris stiet se op it poadium mei in priis. In prachtige beleaning foar har passy!

Mei tank oan de fertellers en Freonen waard it in noflike en moaie middei.

Marije Roorda